



Orgaan foar de Fryske taal

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelasjes
o.f. drs. K.H. Ollongren
Postbus 20011
2500 EA DEN HAACH

Ljouwert, 10 augustus 2021

POSTADRES

- / Westersingel 4
- / Keamer 0.11
- / 8913 CK Ljouwert
- / ynfo@dingtiid.frl
- / www.dingtiid.frl
- / [@dingtiid](https://twitter.com/dingtiid)

Achte minister Ollongren,

Hjirby bied ik jo út namme fan it bestjoer fan DINGtiid, it Orgaan foar de Fryske taal, it Wurkprogramma 2022-2023 aan. By it tastân kommen hjirfan binne amtners fan sawol it ministearje fan BZK as de provinsje Fryslân behelsum west, dêr binne wy tankber foar. De Deputearre fan kultuer fan de provinsje Fryslân, frou Sietske Poepjes, krijt it wurkprogramma tagelyk.

Mei freonlike groetnis,

Jan Koster
Foarsitter DINGtiid

Taheakkke:

- Wurkprogramma DINGtiid 2022-2023

Wurkprogramma DINGtiid 2022-2023

Wetlik ramt

De Wet gebrûk Fryske taal is op 1 jannewaris 2014 fan krêft wurden. Dy wet regelet it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkear. Haadstik 4 bepaalt dat der in orgaan foar de Fryske taal is, dat as taak hat om de likense posysje fan de Fryske en Nederlânske taal yn Fryslân te befoarderjen; dat orgaan hjit DINGtiid. Yn artikel 22 is fierder bepaald dat it orgaan twajierliks in wurkprogramma foarleit oan de minister. Yn 2022 set DINGtiid útein mei in nij twajierliks wurkprogramma, dêr't yn de rin fan 2022 in update fan levere wurde sil. Dizze notysje befettet de ynhâld fan it foarnommen Wurkprogramma 2022-2023.

Taakopfetting en warkwize

DINGtiid ferfollet syn wetlike taak troch te rapportearjen oer de behoeften en winsken oangeande de Fryske taal en kultuer yn relasje ta de Wet gebrûk Fryske taal en ek ta it Europeesk Hânfést foar regionale talen of talen fan minderheden en it Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden. Dêrby rapportearret DINGtiid oan oerheden, bestjoersorganen en rjochterlike ynstânsjes, foar safier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne of oars de provinsje Fryslân as warkgebiet hawwe. Fierder advisearret DINGtiid oan de minister fan Ynlânske Saken (BZK) en oan Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân oer it tastâncommen en de útfiering fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) en de útfieringskonvenanten, en biedt se stipe by it opstellen fan regels en beliedsplannen, lykas bedoeld yn art. 5 en 6 fan de Wet gebrûk Fryske taal. Neist dy wetlike taken befoarderet DINGtiid ek de maatskiplike diskusje oer it Frysk.

DINGtiid hat ferskillende wizen om de taken út te fierien en de ambysjes te realisearjen. Sa publisearret DINGtiid ûndersiken, advizen en rapportaazjes, en skriuwt brieven aan bewâldslju en partijen út it fjild. Dêrneist fiert DINGtiid petearen mei partners en belanghawwenden op it mêd fan de Fryske taal. Ut en troch wurde dy petearen yn in breder ferbân organisearre en wurde it rûnetafelpetearen, dy't sels it karakter fan minysymposia krije kinne: de saneamde 'DINGpetearen'. By in DINGpetear bringt DINGtiid kennis en saakkundigen fan in bepaald ûnderwerp byinoar en biedt de dielnimmers eftergrûn en ynhâld om it ûnderwerp yngreven bedijpje te kinnen; sa besjoen binne DINGpetearen in foarm fan 'fjildkonsultaasje' of 'boargerkonsultaasje'. DINGtiid foarsjocht sa de Fryske mienskip fan kennis en perspektyf, mar fuorret ek himsels mei praktykinformaasje en nije of feroarjende ynsjoggen.

Wurkprogramma 2022-2023

BFTK (2024-2028) (foar: BZK en DS)

De BFTK is de útwurking fan ferdachsferplichtings oangeande it Frysk dy't fuortkomme út de ûndertekening fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden en it Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden. It regelet de dielde ferantwurdlikheid fan Ryk en provinsje foar de Fryske taal en kultuer. Tegearre mei de Wet gebrûk Fryske taal soarget de BFTK foar de wetlike en bestjoerlike ferankering fan de Fryske taal en kultuer yn de maatskippyj. De hjoeddeistige BFTK rint ein 2023 ôf. Foar de jieren 2024-2028 stelle Ryk en provinsje, as BFTK-partners, yn 2023 in nije bestjoersôfspraak op. Konfoarm de Wet gebrûk Fryske taal (art. 19 lid 2 b) heart DINGtiid de minister fan BZK en Deputeerde Steaten fan Fryslân te advisearjen oer de BFTK. DINGtiid sil, op fersyk fan it ministearje fan BZK, yn dat ramt yn 2023 inkeld DINGpetearen organisearje dy't, as in soarte fan boargerkonsultaasje, Ryk en provinsje yncut leverje foar de foarm, ambysje en ynhaâld fan de BFTK (2024-2028).

Universitêr ûnderwiis Fryske taal- en letterkunde (foar: BZK, OCW en DS)

Op fersyk fan de provinsje Fryslân start DINGtiid, as ferdjipping op it advystrajekt oangeande de kennisyinfrastruktuer fan it Frysk (*Op 'e syk nei nije dynamyk*, 2020), in advystrajekt op oangeande de universitaire stúdzje fan Fryske taal- en letterkunde. Mear konkreet sil DINGtiid ûndersyk dwaan nei: 1) de wize wêrop't de universitaire stúdzje fan Fryske taal en letterkunde yn Nederlân optimaal foarmjûn wurde kinne soe om djiptekennis fan it Frysk te boargjen; 2) dêrby te ynventarisearjen hokfoar praktyske, bestjoerlike en wetlike tûkelteammen oft dy foarm mei him meibringt, en 3) foarstellen te dwaan oer hoe't sokke tûkelteammen oersljochte wurde kinne soenen. As útgongspunt foar dit advys kin it Europeesk Hânfêst tsjinje, mear konkreet: de mooglikheden en ambysjes dy't it Hânfêst mooglik makket en de ynfloed dy't de universitaire frisistyk hat op it befoarderjen fan it Frysk binnen de ûnderskate domeinen dy't it Hânfêst ûnderkent. Om't de BFTK de útwurking is fan de Europeeske ferplichtings, wol DINGtiid de oanbefellings ree hawwe op it stuit dat provinsje en Ryk de úntwerpfaaze fan de nieuwe BFTK (2024-2028) yngean.

De Fryske taal yn de foarskoalske faze (foar: BZK, OCW, SZW, DS, Fryske gemeenten)

Op it stuit doch him de situaasje yn Fryslân foar dat jonge âlden en harren bern praktysk sprutsen faak gjin goede tagong hawwe ta (diels) Frysktalige berne-opfang en/of Frysktalige foar- en ierskoalske edukaasje (vve). Yn de rin fan de petearen dy't DINGtiid yn 2021 fierd hat yn it ramt fan de *Tuskenrapportaazje BFTK 2019-2023*, die bliken dat foaral ûndúdlikens oer foegen, de rol fan de kommersjele sektor yn de foarskoalske faze en de, betiden grutte, ferskillen tusken gemeenten, oan dy situaasje debet binne. Ek die bliken dat de toetsen dy't hantearre wurde om learefterstannen te efterheljen en it ynstapnivo foar it PO te bepalen, net foldwaande rjochten dogge oan de twatalige eftergrûn fan in soad bern yn Fryslân. Fanút de wetlike lykweardigens fan Frysk en Nederlânsk yn de provinsje Fryslân hearre alle âlden ûnbehindere tagong te hawwen ta (diels) Frysktalige opfang en vve

foar syn of har bern. Mar benammen is it in rjocht foar alle bern yn Fryslân om al yn de foarskoalske faze yn de Fryske taal ûnderwiisd en holpen te wurden.

DINGtiid wol oan de hân fan literatuerûndersyk, petearronden en DINGpetearen ûndersykje hokker formele en praktyske tûkelteammen oft der bestean om Frysktalige opfang en vve krije te kinnen, en advisearje oer de mooglikheden om dizze tûkelteammen wei te nimmen.

DINGpetear ‘Sjoernalistyk en de Fryske taal’ (foar: Fryske mediasektor)

De sjoernalistyk spilet in wichtige rol yn de mienskip. Idealiter sinjallearje sjoernalisten ûntwikkelings, folge se fanút in krityske grûnhâlding polityk en bestjoer en leverje se eftergrûn by maatskiplike fraachstikken. Mar de sjoernalistyk hat op it heden ek syn eigen noeden en útdagings: winstmodellen stean ûnder druk, in soad boargers ferhâlde harren – mei troch ynternet – oars ta mainstream sjoernalistyk as yn it ferline, en de wurkdruk leit tige heech.

Foar Fryske nijsmedia spilet dat ek, mar boppedat bestean der soargen oer it fuorttsjen fan talintfolle sjoernalisten nei mediabedriuwen yn oare plakken yn it lân. Dat makket it net maklik om oan de eigen winsk fan de Fryske nijsmedia te foldwaan om sjoernalisten oan har te binen dy't de Fryske taal ek goed prate en skriuwe. In oar aspekt dat binnen de Fryske sjoernalistyk spilet is de oername fan de Leeuwarder Courant en it Friesch Dagblad troch it Flaamske Mediahuis: wat betsjt dat foar de Fryske taal en identiteit binnen de sjoernalistyk yn Fryslân?

Yn twa DINGpetearen ‘Sjoernalistyk en de Fryske taal’ wol DINGtiid mei mediaprofesjonals en oare belutsenen yn it Fryske fjild yn petear gean oer de rol en betsutting fan de Fryske taal foar de sjoernalistyk en, oarsom, fan de sjoernalistyk foar de Fryske taal. Mei de DINGpetearen wol DINGtiid ferkenne hokker behoeften oft Fryske sjoernalisten hawwe om harren kennis fan en oer it Frysk fierder te ûntwikkelen en te ferdjipjen, en hokker ideeën oft der binne om de Fryske taal binnen de sjoernalistyk te ynnovearjen, de sichtberens fan it Frysk te fergrutsjen en de taal sadwaande te fersterkjen.

Frysk yn it rjocht (DINGpetear)

Yn 2020 en 2021 hat DINGtiid ferskate konstruktive petearen fierd mei bestjoerders fan de rjochtbank en it gerjochtsôf oer de winsk om it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal leechdrompeliger te meitsjen. DINGtiid hat earder (begin 2020) al in DINGpetear oer dizze matearje organisearre. Yn in nij DINGpetear wol DINGtiid mei fertsjintwurdigers fan de juridyske sektor fierder ferkenne hokker stappen oft drompelferleegjend wurkje kinne soenen.

Evaluasje

De Ramtwet advyskolleezjes, artikel 28 lid 2, bepaalt dat in advyskolleezje ienris yn de fjouwer jier in evaluasjeferslach opstelle moat. De lêste evaluasje fan DINGtiid wie yn 2019, dat DINGtiid sil uterlik 2023 in nije evaluasje organisearje.

Skema DINGpetearen en ôfrûnjen

It boppesteande Wurkprogramma 2022-2023 liedt ta it folgjende oersjoch, yn termen fan plende DINGpetearen en it ferwachte stuit fan ôfrûnjen, yn fearnsjierrren:

DINGpetearen	Q	ôfrûnjen
	<u>2022</u>	
Universitêr ûnderwiis Frysk	1	
Frysk yn de foarskoalske faze1	2	Universitêr ûnderwiis Frysk
Sjoernalistyk en de Fryske taal	3	
BFTK1; Rjocht	4	Sjoernalistyk en de Fryske taal
	<u>2023</u>	
Frysk yn de foarskoalske faze2	1	
BFTK2	2	BFTK
	3	Frysk yn de foarskoalske faze
	4	Evaluasje

NB1: it ôfrûnjen fan in dossier kin ferskillende foarmen oannimme: in advys, in advysbrief, in ferslach fan in DINGpetear, in einpetear, ensafh.

NB2: foar guon DINGpetearen sil DINGtiid mei partners út it fjild gearwurkje en/of eksterne bystân foar de organisaasje sykje.



Orgaan foar de Fryske taal

Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties
T.a.v. drs. K.H. Ollongren
Postbus 20011
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 10 augustus 2021

Geachte minister Ollongren,

Hierbij bied ik u namens het bestuur van DINGTiid, het Orgaan voor de Friese taal, het Werkprogramma 2022-2023 aan. Bij de totstandkoming ervan zijn ambtenaren van zowel het ministerie van BZK als de provincie Fryslân behulpzaam geweest, waarvoor we erkentelijk zijn. De Gedeputeerde van cultuur van de provincie Fryslân, mw. Sietske Poepjes, ontvangt het werkprogramma gelijktijdig.

Met vriendelijke groet,

Jan Koster
Voorzitter DINGTiid

Bijlage:
- Werkprogramma DINGTiid 2022-2023

Werkprogramma DINGtiid 2022-2023

Wettelijk kader

De Wet gebruik Friese taal is op 1 januari 2014 van kracht geworden. Deze wet regelt het gebruik van het Fries in het bestuurlijk en rechtsverkeer. Hoofdstuk 4 bepaalt dat er een orgaan voor de Friese taal is, dat als taak heeft om de gelijke positie van de Friese en Nederlandse taal in Fryslân te bevorderen; dat orgaan heet DINGtiid. In artikel 22 is verder bepaald dat het orgaan tweejaarlijks een werkprogramma voorlegt aan de minister.

In 2022 start DINGtiid met een nieuw tweejaarlijks werkprogramma, waarvan in de loop van 2022 een update zal worden geleverd. Deze notitie bevat de inhoud van het voorgenomen Werkprogramma 2022-2023.

Taakopvatting en werkwijze

DINGtiid vervult zijn wettelijke taak door te rapporteren over de behoeften en de wensen ten aanzien van de Friese taal en cultuur in relatie tot de Wet gebruik Friese taal alsmede tot het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden en het Kaderverdrag inzake de bescherming van nationale minderheden. Daarbij rapporteert DINGtiid aan overheden, bestuursorganen en rechterlijke instanties, voor zover die in de provincie Fryslân gevestigd zijn dan wel de provincie Fryslân als werkgebied hebben. Verder adviseert DINGtiid aan de minister van Binnenlandse Zaken (BZK) en aan Gedeputeerde Staten van de provincie Fryslân over de totstandkoming en de uitvoering van de Bestuursafspraak Friese taal en Cultuur (BFTK) en de uitvoeringsconvenanten, en biedt ze ondersteuning bij het opstellen van regels en beleidsplannen als bedoeld in art. 5 en 6 van de Wet gebruik Friese taal. Naast deze wettelijke taken bevordert DINGtiid ook de maatschappelijke discussie over het Fries.

DINGtiid kent verschillende manieren om de taken uit te voeren en de ambities te realiseren. Zo publiceert DINGtiid onderzoeken, adviezen, rapportages, en schrijft brieven aan bewindslieden en partijen uit het veld. Daarnaast voert DINGtiid gesprekken met partners en belanghebbenden op het gebied van de Friese taal. Zo nu en dan worden die gesprekken in een breder verband georganiseerd en worden het rondetafelgesprekken, die zelfs het karakter van minisymposia kunnen krijgen: de zogenoemde 'DINGpetearen'. Tijdens een DINGpetear brengt DINGtiid kennis en experts op het gebied van een bepaald onderwerp bij elkaar en biedt de deelnemers achtergrond en inhoud om het onderwerp optimaal te kunnen doorgronden; zo gezien zijn DINGpetearen een vorm van 'veldconsultatie' of 'burgerconsultatie'. DINGtiid voorziet zo de Friese gemeenschap van kennis en perspectief, maar voedt ook zichzelf met praktijkinformatie en nieuwe of veranderende inzichten.

Werkprogramma 2022-2023

BFTK (2024-2028) (voor: BZK en GS)

De BFTK is de uitwerking van verdragsverplichtingen betreffende het Fries die voortkomen uit de ondertekening van het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden en het Kaderverdrag inzake de bescherming van nationale minderheden. Het regelt de gedeelde verantwoordelijkheid van Rijk en provincie voor de Friese taal en cultuur. Samen met de Wet gebruik Friese taal zorgt de BFTK voor de wettelijke en bestuurlijke verankering van de Friese taal en cultuur in de maatschappij.

De huidige BFTK loopt eind 2023 af. Voor de jaren 2024-2028 stellen Rijk en provincie, als de BFTK-partners, in 2023 een nieuwe bestuursafspraak op. Conform de Wet gebruik Friese taal (art. 19 lid 2 b) dient DINGtiid de minister van BZK en Gedeputeerde Staten van Fryslân te adviseren over de BFTK. DINGtiid zal, op verzoek van het ministerie van BZK, in dat kader in 2023 enkele DINGpetearren organiseren die, als een soort burgerconsultatie, Rijk en provincie input leveren voor de vorm, ambitie en inhoud van de BFTK (2024-2028).

Universitair onderwijs Friese taal- en letterkunde (voor: BZK, OCW en GS)

Op verzoek van de provincie Fryslân start DINGtiid, as verdieping op het adviestraject betreffende de kennisinfrastructuur van het Fries (*Op zoek naar nieuwe dynamiek*, 2020), een adviestraject betreffende de universitaire studie van Friese taal en letterkunde. Meer concreet zal DINGtiid onderzoek doen naar: 1) de wijze waarop de universitaire studie van Friese taal- en letterkunde in Nederland optimaal vormgegeven zou kunnen worden om diepgaande kennis van het Fries te borgen; 2) hierbij te inventariseren welke praktische, bestuurlijke en wettelijke belemmeringen die vorm met zich meebrengt, en 3) voorstellen te doen over hoe dergelijke belemmeringen weggenomen zouden kunnen worden.

Als uitgangspunt voor dit advies kan het Europees Handvest dienen, meer concreet: de mogelijkheden en ambities die het Handvest mogelijk maakt en de invloed die de universitaire frisistiek heeft op het bevorderen van het Fries binnen de verschillende domeinen die het Handvest onderscheidt. Omdat de BFTK de uitwerking is van de Europese verplichtingen, wil DINGtiid de aanbevelingen gereed hebben op het moment dat provincie en Rijk de ontwerpfasen van de nieuwe BFTK (2024-2028) ingaan.

De Friese taal in de voorschoolse fase (voor: BZK, OCW, SZW, GS, Friese gemeenten)

Momenteel doet zich de situatie in Fryslân voor dat jonge ouders en hun kinderen praktisch gesproken vaak geen goede toegang hebben tot (deels) Friestalige kinderopvang en/of Friestalige voor- en vroegschoolse educatie (vve). In de loop van de gesprekken die DINGtiid in 2021 voerde in het kader van de *Tussenrapportage BFTK 2019-2023*, bleek dat vooral de onduidelijkheid over bevoegdheden, de rol van de commerciële sector in de voorschoolse fase en de, soms grote, verschillen tussen gemeenten, aan deze situatie debet zijn. Ook bleek dat de toetsen die gehanteerd worden om leerachterstanden te achterhalen en het instapniveau voor het PO te

bepalen, niet voldoende recht doen aan de tweetalige achtergrond van veel kinderen in Fryslân.

Vanuit de wettelijke gelijkwaardigheid van Fries en Nederlands in de provincie Fryslân dient iedere ouder onbelemmerd toegang te hebben tot (deels) Friestalige opvang en vve voor zijn of haar kind. Maar vooral is het een recht voor ieder kind in Fryslân om al in de voorschoolse fase in de Friese taal te worden onderwezen en geholpen.

DINGtiid wil aan de hand van literatuuronderzoek, gespreksrondes en DINGpetearen onderzoeken welke formele en praktische belemmeringen er bestaan om Friestalige opvang en vve te kunnen genieten, en adviseren over de mogelijkheden om deze belemmeringen weg te nemen.

DINGpetear ‘Journalistiek en de Friese taal’ (voor: Friese mediasector)

De journalistiek speelt een belangrijke rol in de samenleving. Idealiter signaleren journalisten ontwikkelingen, volgen ze vanuit een kritische grondhouding politiek en bestuur en leveren ze achtergrond bij maatschappelijke vraagstukken. Maar de journalistiek kampt momenteel ook met zijn eigen uitdagingen: winstmodellen staan onder druk, veel burgers verhouden zich – mede door internet – anders tot mainstream journalistiek dan in het verleden, en de werkdruck ligt enorm hoog.

Voor Friese nieuwsmedia speelt dit ook, maar bovendien bestaan er zorgen over het vertrek van talentvolle journalisten naar mediabedrijven elders in het land. Dit maakt het niet makkelijk om aan de eigen wens van de Friese nieuwsmedia te voldoen om journalisten aan zich te binden die de Friese taal ook spreken en schrijven. Een ander aspect dat binnen de Friese journalistiek speelt, is de overname van de Leeuwarder Courant en het Friesch Dagblad door het Vlaamse Mediahuis: wat betekent dit voor de Friese taal en identiteit binnen de journalistiek in Fryslân?

In twee DINGpetearen ‘Journalistiek en de Friese taal’ wil DINGtiid met mediaprofessionals en andere betrokkenen in het Friese veld in gesprek gaan over de rol en betekenis van de Friese taal voor de journalistiek en, andersom, van de journalistiek voor de Friese taal. Met de DINGpetearen wil DINGtiid verkennen welke behoeften Friese journalisten hebben om hun kennis van en over het Fries verder te ontwikkelen en te verdiepen, en welke ideeën er zijn om de Friese taal binnen de journalistiek te innoveren en de zichtbaarheid van het Fries te vergroten en de taal zodoende te versterken.

Fries in het recht (DINGpetear)

In 2020 en 2021 heeft DINGtiid verscheidene constructieve gesprekken gevoerd met bestuurders van de rechtsbank en het gerechtshof over de wens om het gebruik van het Fries in de rechtszaal laagdrempeliger te maken. DINGtiid heeft eerder (begin 2020) al een DINGpetear rondom deze materie georganiseerd. In een nieuw DINGpetear wil DINGtiid samen met vertegenwoordigers van de juridische sector verder verkennen welke stappen drempelverlagend zouden kunnen werken.

Evaluatie

De Kaderwet adviescolleges, artikel 28 lid 2, bepaalt dat een adviescollege eenmaal per vier jaar een evaluatieverslag op dient te stellen. De laatste evaluatie van DINGtiid vond plaats in 2019, en dus zal DINGtiid uiterlijk 2023 een nieuwe evaluatie organiseren.

Schema DINGpetearen en afronding

Het bovenstaande Werkprogramma 2022-2023 leidt tot het volgende overzicht, in termen van geplande DINGpetearen en verwachte afronding, in kwartalen:

DINGpetearen	Q	afronding
	<u>2022</u>	
Universitair onderwijs Fries	1	
Fries in de voorschoolse fase1	2	Universitair onderwijs Fries
Journalistiek en de Friese taal	3	
BFTK1; Recht	4	Journalistiek en de Friese taal
	<u>2023</u>	
Fries in de voorschoolse fase2	1	
BFTK2	2	BFTK
	3	Fries in de voorschoolse fase
	4	Evaluatie

NB1: de afronding van een dossier kan verschillende vormen aannemen: een advies, een adviesbrief, een verslag van een DINGpetear, een eindgesprek, etc.

NB2: voor sommige DINGpetearen zal DINGtiid met partners uit het veld samenwerken en/of externe bijstand voor de organisatie zoeken.